


In blokkebist!

Nedich:
houten blokjes
skuorpapier
in hammer
krammen
tried
eventueel in seage om blokjes te meitsjen

materialen om dyn bist in bist te meitsjen, lykas wibealachjes, spikers, ferve, papier, wol, skroefkes, stikkers, ensfh.



Soargje dat dyn blokjes moai glêd binne troch se goed te skuorjen. Slaan mei in hammer yn alle blokjes twa krammen, behalve yn it earste blokje (dat wurdt de kop) en yn it lêste blokje (dat is it achterein fan dyn bist).

Knoopje in tried oan de krammen en byn de blokjes dêrmei oan elkoar fêst.

Kinst dyn bist sa lang meitsje ast wolst.

Jou dyn bist earen, eagen, in sturt, alles watsto mar wolst.

Wurdt dyn bist grappich, skattich of gefaarlik?
Krijt dyn bist ek in namme?

